

Oanfolging ynfo.

De foarstelling

Yn Hauken en Hazzen spilet in wite bestelauto de haadrol. Wat docht dy auto op dat plak? En wa is de bestjoerder? Yn in tal moaie sênes, absurd, humoristysk, oangripend en in bytsje ferfrjemdzjend fertelle njoggen akteurs en ien technikus in ferhaal oer eangst. Ymprovisearjende wei fine se harren paad troch it stik. Sa komme se sels hieltyd fierder yn de besnijing fan itjinge dêr't se mei dwaande binne.

De foarstelling duorret in lytse oardel oere. Dan is it skoft.

Spilers:

Marte Stellingwerf
Pieter Zijlstra
Marije Semplonius
Gerwin de Vries
Ytsje Kramer-Kroes
Judith Jager
Jehannes Arendz
Ytsje Hettinga
Jan Eekma
Auke van der Meer

Regy: Pieter Stellingwerf
Technyk: Auke van der Meer
Skriuwer: Robert van Dijk

Nei it skoft

Johan Keus en Bouba Keita nimme jimme nei de teaterfoarstelling mei nei sfearen fier fan hjir en wer werom. Mei harren muzikale oersetting soargje se foar in ekstra diminsje by de lokaasjesfoarstelling Hauken & Hazzen.

Oer de muzikanten

Bouba Keita is in muzikant út Mali en wennet yn Balk. Hy spilet Djembé, Doun Doun, Balafoon, Ngoni (Malinees tokkelynstrumint) dêr't er ek allegear priveeles yn jout. Hy sjongt en hy skriuwt muzyk. Dêrneist is er ynstrumintebouwer, hy makket ek syn eigen muzykynstruminten.

Johan Keus sjongt en spilet gitaar, basgitaar en perkusje. Hy is útfierend muzikant en spilet mei ferskate artysten, live en as studiomuzikant. Dêrneist skriuwt er muzyk en jout er muzykles yn syn praktyk yn Balk. Ek wurket er as muzykbegelieder mei minsken mei Autisme Spectrum Stoornis.

Op de matineefoarstellingen op 10 desimber en 7 jannewaris wurdt it programma ek noch oanfolle mei in optreden fan it frouwekoar 'De Dromenvangers' ûnder lieding fan Sjoukje van der Land.